

SPEGELSKRIFT

In foardracht oer tsien jier Frysk proaza

*Sirkwylêzing hâlden troch Alpita de Jong
yn Tresoar op 25 jannewaris 2011*

Frjentsjer, jierren fyftich, sechstich. Se wenje yn in net sa bêste buert, it opgroeiende famke Mette en har styfbroerke Boyen. Se ha in mem dy't wol yn goedens wol mar it net oprêdt, en in heit dy't net har echte heit is, dy't tefolle sûpt en eamelet oer syn ferline as Ynjegonger. Stoer famke, dy Mette. Se beskermet har broerke, mar lit him út en troch ek keihurd falle, en dat makket dat se letter mei in skuldgefoel oanklaud sit. Boyen bedarret yn in psychiatryske ynrjochting – dêr sil dat skuldgefoel fan Mette grif mei te krijen ha.

Ik haw it oer *De mjitte* fan Koos Tiemersma út 2004. Wat *my* oansprekt yn dat boek is faaks net itselde as wat *jo* oansprekt. Miskien ha jo der wol argewaasje fan. Kenne jo Frjentsjer? Ik net. Makket dat ferskil? Lêze Frjentsjerters it boek graach omdat se Frjentsjer kenne, en wer-kenne, of jout it har krekt argewaasje omdat se har eigen Frjentsjer no krekt net yn it boek weromsjogge? Of makket it foar jins plezier yn it boek neat út wêr't men wennet? Yn oare stêden binne ommers soartgelikense buertsjes, en it kin foar guon dy't op in boerepleats wenje (of wenne ha), of yn in keurich netsjese buert yn in doarp of stêd bûten Fryslân nammerste nijsgjirriger wêze om in roman te lêzen dy't yn in achterbuert fan Frjentsjer spilet. Faaks hat de sympaty of argewaasje dy't men fielt foar in boek as *De mjitte* mei hiel oare aspekten te krijen. Mei it opgroeiende famke bygelyks: sa stoer en kwetsber as Mette is, sa ferantwurdlik en tagelyk ûnferskillich – dat werkenne guon lêzers grif, of se kinne it har yntinke. Of makket sa'n bernewrâld harren krekttoarsom wat wrantelich omdat se der neat mei ha, mei dy puberleeftyd. Dat is yn myn gefal sa. Ik lês net graach oer pubers. Oare lêzers sille har faaks oansprutsen fiele troch it wrakseljen fan de frou dy't Mette jierren letter wurden is, it wrakseljen mei fragen, mei skuldgefoel, mei oergeunstigens. Froulju dy't wrakselje mei skuldgefoel, dat is fuort ek myn tema net. De skildering fan de jierren fyftich – sechtich dan, mei syn ferpyldering, syn Douwe-Egbertssegels, syn Ynjefeteranen, en

'begripen as hope en ljocht, dingen dy't oars bryk en ynein oer de rânen
fan ús dagen hongen, en ynienen opfleurje koene as in bewiete plant.'

Sokke sinnen. Dêr hat de skriuwer my mei ynpakt. De taal. En dan bedoel ik net iens it Frysk, hoewol't men hast net ûngefoelich wêze kin foar it rike fokabulêr dat de skriuwer brûkt. Mar dat spul mei de taal: de metafoaren, de subtile irony, de wikseljende registers, de spontaniteit, de behearsking, it ritme... Ik fyn it prachtich, mar foar itselde binne der lêzers dy't dat fierstente oerdwealsk fine, fierstente bryk, fierstente drok. It kin hiel ferrassend wêze, it ferskil oan yndrukken dat in boek by in

earste lêzing achterlit by de iene of oare lêzer. En it is neffens my fan belang om dy earste opteinens of argewaasje te ûnderkennen. Der net oerhinne te stappen yn in besykjen om in boek objektyf en analytysk te hifkjen. Proaza wurdt net skreaun om hifke, mar om lêzen te wurden. En dat lêzen is in hiel aventoer.

Oer dat lêzen wol ik it mei jim ha. Hoe? In bytsje as wiene wy yn it lêslaboratoarium dat ik twa jier lyn mei in ploechje minsken yn Amsterdam oprjochte ha. Dêr kieze we alle jierren in stik as wat romans út en dêr prate we oer, twa kear in middei: de earste middeis jouwe we ús earste yndruk de romte, en dan beslute we wêr't we in folgjende kear neier op yngean wolle. De twadde middeis, faak wiken letter, sjogge we hiel analytysk nei de struktuer, it perspektyf, de styl, en sokke dingen. We kieze dêr nammers foar romans út ferskillende regio's yn Europa. It earste boek dat wy liezen wie fan in skriuwer út Azerbeidzjan en spile yn de haadstêd Bakoe, it twadde wie fan Ulbe van Houten en spile yn de Fryske greidhoeke. Fan de iene úthoeke nei de oare. De net-Friezen yn de ploech liezen it boek yn de Hollânske oersetting. Dêr yn Amsterdam komt de sympaty fan de iene lêzer wolris hiel ûnferwachte tsjinoer de argewaasje fan in oar te stean, en dat is lang net altyd like noflik. It is in hiele keunst om inoar de romte te jaan foar in eigen beleving fan it boek. As in boek wier wat yn jin teweech bringt, as it wier wat foar jin betsjut, yn positive of negative sin, dan lit it jin net kâld as in oar derop skelt of der krekt oer pocht. It boek is part fan jin belibbingswrâld wurden, part fan jinsels. En dat makket fuort wat dúdlik: it lêzen fan literatuer is net sa frijbljuwend as it liket. En yn it ferlingde dêrfan bin ik derfan oertsjûge datst de literatuer en syn lêzers tekoart dochst ast der allinnich op in analytyske manier nei sjochst.

Mar... men soe de literatuer likegoed tekoart dwaan as it by in earste yndruk bliuwe soe, by sympaty of argewaasje. Men soe mei de literatuer foaral jinsels tekoart dwaan: romans ha de lêzer wat te sizzen, en it is de muoite wurdich om de breedte en djippte fan dat boadskip te ûndersykjen. Dat, as dy earste yndruk oan bod west hat, besjogge wy yn it lêslaboratoarium de romans wat neier. Wat *De mjitte* oanbelanget, soene wy grif it hiel aparte perspektyf ûnder de loep nimme moatte: it grutste part fan it ferhaal wurdt ferteld troch it famke Mette, yn de ik-persoan. Mar Mette wit foar in ik-persoan fierstente folle fan wat har styfbroerke Boyen belibbet. Dy ik-persoan is dus in bytsje in alwittende ferteller. Dat is nijsgjirrich, dus dat moatte wy útdjipje. Wy moatte útsykje wat de ynfloed dêrfan is op it ferhaal, hoe't dat perspektyf it ferhaal manipulearret. En dan moatte wy fansels ek wat sizze oer de kursive stikken yn de roman. Dy binne skreaun troch de frou dy't Mette fiifentweintich jier letter wurden is. Yn dy stikken is Mette in 'sy', dy binne dus skreaun yn de tredde persoan.

En de Ingelske sitaten dêr't elk haadstik mei begjint: dêr soene wy ek nei sjen moatte. Se hâlde ferbân mei in film dy't pas op it lêst fan it boek in rol spilet en de betsjutting dêrfan kin dus ek *dan* pas rekonstruearre wurde. En wy moatte it ha oer it effekt fan dy typyske ynsiders-wurden dy't Tiemersma brûkt. Wurden as 'fragetinte' en 'poekemoeke' en 'ús lêste heit' en 'de Pis'. Tiemersma hat it oer

'fragetinte' foardat er dúdlik makket dat Mette en har broerke jûns wolris in tinte fan har bêd meitsje dêr't se inoar dan fragen yn stelle. En hy hat it oer 'poekemoeke' foardat de lêzer wit dat de buorfrou katten oanhellet en oeral pantsjes mei molke delset. En dan 'ús lêste heit', ek al sa riedseleftich, oant dat de lêzer begrypt dat de bern fantasearje oer eardere heiten omdat de 'aktuele' heit, sis mar, nochal ris smoar is, unberekenber, en út en troch sels wreed. Dy wurden pakke jin as lêzer fuort by it neffel en litte jin mei Mette-en-dy meilibje. En no wolle jo ek witte wat 'de Pis' betsjut, grif. No... lêse it boek mar. Ik bin benijd wat jo ûnderfining is, en de útkomst fan jo analyse.

De wikselwurking tusken oan de iene kant in lêzer mei syn ferwachtingen, syn bagaazje, en syn gefoelichheden en oan de oare kant de roman mei syn ferhaal, syn sizzingskrêft, syn romte en syn kleur – dêr leit de bysûndere krêft fan literatuer. As wy it oer it Frysk proaza fan de lêste tsien jier ha wolle, moatte wy it dus feitlik oer dy wikselwurking ha. Mar dat is dreech, want dy pakt foar elk fansels wer oars út. Mar dochs wol ik it besykje, want sûnder dy wikselwurking tusken lêzer en roman is dy roman in ding, in keunstwurk miskien, mar dochs in ding. Dêr kinst dan fan sizze dat it goed opset is, in nijsgjirrige tematyk hat, treflik skreaun is, en sokke dingen mear, mar it boek begint pas te libjen as it troch it lêzen foar ien betsjutting krijt. Lykas muzyk earst spile en beharke wurde moat, wol dy betsjutting krije, en in katedraal pas betsjutting krijt as de romte en it ljocht ynwurket op ien dy't dêr op in bankje sit. Ik wol yn myn besprek fan it modern Frysk proaza dêrom de klam lizze op de betsjutting dy't moderne Fryske romans ha kinne foar yndividuele lêzers, en dêrútwei sjen nei wat it moderne proaza betsjut foar Fryslân. Ik nim dêrby mysels as útgongspunt – dat kin ommers net oars. Ik ha boeken fan allerhande skriuwers lêzen, en út allerhande sjenres. Net systematysk, en net neffens in bepaald plan, mar hjir ris wat en dêr ris wat, sûnder oardielen foarôf. Guon boeken foldiene, oaren net. Beide reaksjes binne it wurdich om ús yn te ferdjipjen. Beide ha ús ommers wat te sizzen. Sa't ik al sei: lêze is net frijbljuwend, ek al sizze in soad minsken dat se lêze foar har plezier. Lêze is in yngewikkeld spultsje dêr't jins eigen ik en de wrâld dêr't men yn omrint yn behelle binne. En krekt omdat wy in roman lêze om it lêzen sels, konfrontearret in roman ús mear as hokker oare tekst mei de rykdom en beheiningen fan ússels en de wrâld dêr't wy yn omrinne. In moaie paradoks feitlik: krekt omdat wy romans lêze om it lêzen sels, is it lêzen fan romans net frijbljuwend.

Dat waard my mar al te dúdlik doe't ik *Oxzana* lies, it ferhaal fan in flechtling, it debút fan Marga Claus út 2000. Ik krige der in min sin fan. In ôfgryslík min sin. Wêrom? Oaren ha it boek grif oars lêzen. Wat makke dat ik sa ferheftich reagearre op dat boek? Wat kin sa'n boek foar in oar betsjutte?

Yn *Oxzana* fertelt in jonge frou har libbensferhaal: se wennet by har âlden yn in kommunistyske mienskip yn de Oekraïne. Se giet om te studearjen nei Kiev en wurdt dêr fereale op in Afgaanske jonge. Se krijt twa bern fan him en set har nei wenjen yn syn lân. Dêr wurdt se net akseptearre troch syn famylje, en se is har rie

te'n ein as har man omkomt by in oanfal yn de tanimmende spanningen tusken Afgan en Russen. Oxzana hat fan har skoanfamlje neat te ferwachtsjen, trout foar har feilichheid mei in oare Afgaan, en flechtet nei de Sovjet-Uny. Dêr kin se net bliuwe omdat se gjin papieren hat. Oxzana beslút op 'e nij te flechtsjen, fia Poalen en Dútslân nei Nederlân. En dêr is it ek al net in paradys.

De haadpersoan Oxzana is as ik-persoan oan it wurd – yn har libbensferhaal, én yn it kommintaar dat se út en troch op har ferhaal leveret, yn kursive stikken. Wat wy te lêzen krije is de ynterpretaasje dy't Oxzana oan har libben jout: yn it ferhaal fertelt se hoe dreech oft se it hân hat, en yn it kommintaar hoe wier oft dat is. We sjogge alles troch de eagen fan Oxzana, dy't fertelt, en nochris befêstiget, dat sy it net maklik hân hat.

Op himsels is sa'n libbensferhaal mei eigen kommintaar derop net iens sa'n gekke fertelstruktuer foar ien dy't as flechtling yn in AZC yn Nederlân telâne komt: flechtlingen moatte ferhalen fan har libben meitsje, foar justysje oer, foar nije kunde oer, en faaks sels foar harsels oer. Mar as der feitlik gjin inkelde spanning sit tusken dat ferhaal en it kommintaar derop, en yn de roman ek gjin inkelde romte is om ôfstân fan dat ferhaal te nimmen – in krekt wat oare werklikheid dy't tusken de naden fan it ferhaal trochsiicht of it ferhaal fan in oar dat dat fan Oxzana yn in wat oar ljocht set... tsja, dan wurdt it allegear wol slim iensidich. In ik-persoan dy't as in diktator as iennichste oan it wurd is en sa de roman bestjoert, moat wol in hiele soad yn 'e hûs ha, wol it in nijsgjirrige roman wurde. Om te begjinnen in eigen bysûndere styl. Dat wie yn *De mijte* fan Koos Tiemersma bygelyks it gefal, en dêryn wie it fertelperspektyf en de struktuer ek hiel wat ferrifeljender en dus nijsgjirriger. Mar dat is yn *Oxzana* net sa. In nijsgjirrige roman is *Oxzana* neffens my dan ek net. Faaks moat men it boek net sjen as in roman, mar as it ferhaal fan in flechtling, in bytsje bewurke en opskreaun troch in Fryske skriuwster en as roman ferkocht. Mei de bêste bedoelingen. Mar... as it boek bedoeld wie as in oprop om ús te ferdjipjen yn de achtergrûnen fan flechtlingen om har sa better begripe te kinnen, dan is dat by my op 'e kop ferkeard kaam. It lot fan de haadpersoan koe my om earlik te wêzen gjin bliksem skele. En dat kaam omdat de opset, de setting, de swierrichheden, de aksjes en de reaksjes fierstente algemien binne, net spesifyk – klisjees feitlik. De jonge frou Oxzana hat mear fan in haadpersoan yn in bouquetreeksroman as fan in frou dy't har rêde moat yn in wrâld dy't yn de brân stiet. De bommen dy't by har foar de doar ûntploffte, falle yn it neat by it leafdesfertriet dêr't se fan te lijen hat. De oarloch en politike swierrichheden binne bysaken.

It boek kin yn myn eagen 'de toets der kritiek' dus net trochstean, ik fûn it op gjin inkelde manier útdaagjend of útnoegjend. Mar it is troch in soad minsken lêzen, it is oerset, it wurdt wurdearre.... Op guon lêzers wurket it boek dus oars út. En dat is ek net sa nuver. It boek docht in direkt berop op it gefoel fan ûnrjocht, meilijen, solidariteit. Sa'n berop op de sentiminten is altyd in sterke faktor yn de earste ympresje fan in boek. By my ek, al wie it effekt krektoarsom en waard ik der fuort opsternaat fan omdat ik it gefoel hie dat my dy liikens om it ûnrjocht, dat meilijen

en dy solidariteit optwongen waard. It is goed om sa'n earste ympresje te ferwurkjen foardatst in bytsje analytysker begjinst te sjen nei de sterke en swakke kanten fan in boek. It kin bliken dwaan dat men earst hiel optein wie oer in boek en letter sjocht dat it einliks wat 'gemaklik' yninoar sit, of oarsom, dat men der net folle oan fûn mar dat it likegoed in hiel fernimstige struktuer hat. My holp it om yn te sjen dat de struktuer fan in dûbelde ik-fertelling foar in ferhaal fan in flechtling feitlik sa gek noch net wie. Op oare fronten wie der tefolle mis om it boek dochs wurdearje te kinnen.

Likegoed wie myn lêzerij fan *Oxzana* in bysûnder aventoer: ik haw net allinnich doel krigen oer de roman en de manier wêrop't de wrâld dêryn beskreaun wurdt, mar ek begrepen dat ik der sa grimmitich fan waard omdat ik my soargen meitsje om it súkses fan ferhalen dy't al te maklik in berop dogge op guon sentimenten.

Feitlik soe ik alle romans dy't ik lêzen ha sa yngeand by lâns wolle, want dat docht it measte rjocht oan it boek en it lêzen derfan. Mar dan komme wy fansels net fier. Likegoed sil ik ien oare roman ek sa besprekke. In roman dêr't de flechtlingetematyk ek in rol yn spilet, mar dan op in hiel oare manier.

Yn de debútroman fan Hein Jaap Hilarides, *Joppe* út 2008, is de flechtlingekwestje in relatyf beskieden aspekt. It giet om haadpersoan Joppe dy't syn ferhâlding ta de wrâld besiket te finen.

Joppe docht ferfangende tsjinst op de ôfdieling Miljeu fan it gemeentehûs fan Raarendt. Sechtjin moanne soe er dêr wurkje moatte. De prikklok, de fêste rûtime, de miljeufoarskriften dy't amper nei te kommen binne, de kollega's mei hieltyd deselde reaksjes en grappen... dat alles makket it der foar Joppe net makliker op om doel te krijen oer syn plak yn de wrâld. Hy hâldt mear as genôch tiid oer om oer syn útskuorde relaasje mei Thalia nei te tinken. Om troch de tiid te kommen skarrelet er wat mei it knappe famke fan de administraasje, en rydt er hiele einen om yn it Fryske gea. Hy klaut om it hoartsje by de seedyk op om de eagen oer it Waad gear te litten en de wide loft boppe him te fielen. Sa komt er ek wolris by it asylsikerssintrum lâns. Dêr wurdt grute dat op it plak fan it asylsikerssintrum kwik yn de grûn sit. Ien fan dy asylsikers dy't dêrfoar nei it gemeentehûs komt is in jonge frou út Darwan, Afrika. Joppe moetet har in kear of wat. Se ha even in praatsje of stean wat te sjen by de skiep op de seedyk. Mear net. Mar ek net minder. Genôch om Joppe yn beweging te bringen dy't oant dan ta feitlik oars net dien hie as ôfwachtsje en prakkesearje hoe't er fierder moast yn syn o sa Fryske wrâld mei syn wide loftten, yn de leafde, en yn it wurk op de gemeente mei syn goedbedoelde mar healwize foarskriften. Dy oantrún ta beweging, dêr bliuwt it by, of leaver, dêr einiget it boek mei. Hoe't it fierder giet mei Joppe en dy frou út Darwan, krije we net te lêzen.

It ferhaal wurdt yn de tredde persoan ferteld en it perspektyf leit foar it meast by Joppe. Mar dat is wat in 'lege persoan'. 'Leech' yn de sin fan 'net fol'. Dêrom liket it hast oft it ljocht net op Joppe falt, mar op de diken dy't er delrydt, de moetingen dy't er hat, de dagen dy't er slyt, de tiid dy't er trochbringt. Wat der bart, bart

earder oan Joppe as dat Joppe sels syn libben rjochting jout. De wrâld om Joppe hinne wurdt beskreaun op in wat ôfstanlike, registrearjende manier. Mar tagelyk is de beskriuwing hiel spesifyk. Sa krijt dy wrâld wol kleur mar hâldt ek wat neutraals. En itselde jildt foar Joppe: dy docht en lit, spat op, moat laitsje, ergeret him, of sjocht in oare kant út. Sûnder útlis. Dat hat in bysûnder effekt: Joppe yn syn beheinde stikje Fryske wrâld begjin jierren njoggentich krijt krekt troch dy neakene, út en troch hast detaillistyske beskriuwing in soarte fan algemienheid, wat universeels, eat dat grutter is as it libben fan in minske dat bûn is oan tiid en plak. En tagelyk wiist dy detaillistyske beskriuwing hieltyd nei dy iene minske yn syn beheinde wrâld werom: de wrâld dy't noait grutter is as it libben fan dy iene minsk, bûn oan tiid en plak. Dat is sa foar Joppe, dat is sa foar de asylsykster, dat is sa foar kollega Oebele dy't him mear soargen makket oer de knipklaai ûnder syn eigen hûs as oer it kwik ûnder it AZC. Joppe syn belangstelling foar de asylsykster komt net út in ideologyske korrektheid wei, mar út de romte dy't der by him foar har is. Joppe treft dy romte by de frou út Darwan ek oan. Mar dy romte is net altyd by elkenien foar hannen. En by Joppe en dy frou hat dy romte ek syn minder moaie kanten: ôfwachtsjen, rjochtingleasheid, leechte. Foar my komt it paradoksale fan it minsklik bestean yn de roman *Joppe* moai ta utering, en it boek foldocht my yn yntellektueel opsicht dêrom goed.

Wat my ek goed foldocht is dat it boek net te iroanysk is. Ik wit net krekt oft ik *De asielzoeker* fan Arnon Grunberg no lêzen ha foar't *Joppe* ferskynde of dêrnei, mar ik wit wol dat ik by Grunberg stroffele oer de irony. Yn yntellektueel opsicht is Grunberg syn *Asielzoeker* sûnder mis ek in hiel útdaagjende roman. Men soe sizze kinne dat yn Grunberg syn roman de asylsiker in soarte fan metafoar is foar de minske yn it algemien. Mar syn oanhâldende irony smoarde by my elke foarm fan belutsenheid of sympaty. Dat steurde my behoarlik. Al sit yn *Joppe* ek in snjitterke irony, kinst sels foar de grutste healwizen noch sympaty opbringe. Kollega Oebele is dêr wol it meast sprekke foadarbyld fan.

Yn stilistysk opsicht hat de roman ek moai wat te bieden: dat wippelige midden tusken sympaty en iroanyske distânsje is nijsgjirrich. De dialogen binne út en troch geweldich en de keale beskriuwings fan bygelyks Joppe syn lêzerij yn gemeentestikken, syn autoriderij fan hûs nei wurk en oarsom, en de reedriderstocht moarns betiid nei Raarendt hawwe in grutte sizzingskrêft. In sizzingskrêft dy't faaks sa grut net west hie as der mear fan Joppe syn gedachten of syn gefoel yn de beskriuwings behelle wie. Mar soms sjitte de detaillistyske beskriuwings troch. Dan liket it wat op beskriuwingskeunst. Guon lêzers sille har dêr ferskriklik oan steure, tink ik. Dy fine it faaks in ûnpersoanlik en kâld boek. Dy wolle miskien drekter op har gefoel oansprutsen wurde, of mear psychologyske kontekst. Ik fyn dat yndirekte wol moai. Der is in goeie balâns tusken gefoel en yntellekt.

In oare moderne Fryske roman dy't goed skoart as it giet om in balâns tusken gefoel en yntellekt is *De dei dat Farah Bezaz ferdwûn*, ek út 2008, fan Aggie van der Meer. En dochs bin ik net 100 persint entûsjast oer dit boek. It is wat al te konstruearre

faaks: der is in *te faak* en in *te folle*. Ik mis elegânsje. Op it mêd fan de estetyk giet der wat mis, neffens my – in ellindige konklúzje, fyn ik sels. Want it is yn in soad opsichten echt in poerbêste roman. It giet oer in famke út in moslimhúshâlding dy't fuortrint omdat se ûnder it bewâld fan har konservative heit út wol. Hoe reagearret in buertsje yn in doarp of stêd as in moslimfamke fan de iene dei op de oare út skoalle wei net thús komt? Dêr draait it yn dit boek om. De roman jout yn feite de stimmen fan it buertsje wer: it perspektyf leit yn earste ynstânsje by ien fan de buormannen, mar ferskoot om it hoartsje, sa rimpjen en sa faak dat men as lêzer net altyd fuort wit mei wa't men meisjocht of meiharket. Der is in 'hy' of in 'har', of allinnich in gedachte, of sels in yndirekte direkte fraach. Ien haadstik begjint mei de sin: 'Mei hy har jûn syn gedichten foarlêze?' en de lêzer wit even net wa't dy hy en dy har is, wêr't 'syn' op slacht en wa't der oan it wurd is. Hy fleant fan de iene persoan en de iene sitewaasje nei de oare, mar sit der oan de oare kant fuort boppe-op, op dat libben yn dat buertsje. Mei it *ear* foaral, want it is oft dat buertsje it ferhaal fertelt dat troch de buorren giet. Dat hieltyd ferskowende perspektyf, dy yndirekte direkte styl, de sterke byldtaal fan guon personaazjes is in prachtige miks dy't hiel goed de opwining oer sa'n barren yn de buert werjout. Elk hat der syn eigen fisy op, en der syn eigen ferhaal oer, en bringt syn eigen achtergrûn mei, syn eigen mooglikheden en ûnmooglikheden, der bart fan alles, en der bart ek fan alles net, it libben giet ommers ek gewoan troch, ynklusyf de leafde en it fertriet fan guon haadrolspilers, de fantasy fan in bern, en it eigenwize hâlden en dragen fan in kat. Yntellektueel en stilistysk in hiel útdaagjend boek, en emosjoneel likegoed prikeljend, dizze roman. En dochts... no ja, dat hie ik al sein.

Jaap Krol syn *Nûmers* út 2004 – dêr waard ik no suver gelokkich fan. En dat is dochs ek in nochal konstruearre roman. It boek bestiet út fiifentritich koarte haadstikjes. Dêr wurde sênes yn beskreaun dy't har ôfspylje yn fiifentritich ûnderskate huzen op ferskillende tydstoppen fan in dei. Se steane op harsels, de sênes, de minsken ha neat mei-inoar te krijen. Foar itselde wenje se net iens yn ien en deselde strjitte. En dochts hearre se byinoar, de 'nûmers'. It binne gjin losse op harsels steande ferhaaltsjes oer minsken, mar it is in roman. Yn myn eagen is it in roman oer tiid en romte – de abstrakte en tagelyk o sa konkrete koördinaten dêr't it minsklik bestean him tusken ôfspilet. De skriuwer spilet it amorele en ûnminsklike fan tiid en romte út tsjin it minsklike dat him net yn dy ûnferskillige koördinaten fange lit. Dat him hielendal net fange lit. It minsklike sit bygelyks yn de leafde en goede bedoelingen. Mar dy hâlde it net, dy leafde en goede bedoelingen. Se lizze it ôf. Sa is der it ferhaal fan de sike hûn en it lytse famke dat him de piltsjes jout dy't de dokter foarskreaun hat en nachts by him bliuwe wol. De heit fan it lytse famke sjocht soarchsum op alles ta. Elk wol wol yn goedens yn dit tafrieltsje. Mar it jout neat: de bistedokter kin it bist eintsjebeslút net better meitsje en jout him in spuutsje. In yngewikkelder ferhaal is dat fan in jonge dy't op in hippe moderne manier 'achteleas en sabeare ôfwêzich' is – 'achteleas en sabeare ôfwêzich' sa stiet it der. Hy hat in freondintsje en giet foar it earst mei har nei har âlden. Hy hâldt fan har en hat net yn it sin om

him ôf te setten tsjin it lytsboargerlik praat fan de heit en de ferplichte pilskes mei blokjes tsiis fan de mem. Mar hy rêdt it net op, der ûntkomt him dochs in ferkearde sin, en

‘hy wist dat er mar better gean koe. Doe’t er de doar ticht die, stie it famke gûlend foar it rût. Se sloech derop. Nei him. Stadich rûn er fuort. It reinde. Hy hie noch net in buskaart. Sa giet it, en ach, de iene kin de oare net de skuld jaan, en de oare ek net de iene, want it giet sa as it giet.’

Dy lêste sin is dúdlik, ‘want it giet sa as it giet’, mar de op ien nei lêste sin, oer dy buskaart, dy is faaks noch sprekender: it minsklik dramaatsje dat him krekt ôfspile wie net mear as in rimpeling yn in wrâld dy’t gewoan draaien bliuwt, as men mar in buskaart hat.

Nûmer fyftjin is wat my oanbelanget it hichtepunt fan de roman. Dêr lêst men hoe’t alle leafde fan in man foar syn frou gearballet yn it momint dat sy har jûns mei in boek yn de achterkeamer weromlûkt wylst hy yn de foarkeamer nei de tillevyzje sjocht. Dat weromlûken docht se ek op oare manieren. Se hâldt him op in subtile manier op in ôfstân.

‘Leaver net, feitliks wie dat it wat har hannen seine, wist er.’

Wat in lading hat sa’n sin! Dy ôfhâldendheid belibje, dat is it yntymste dat dizze man dwaan kin. Syn ‘net by har wêzen’ wurdt op alle nivo’s fan it fertellen ta it uterste dreun. It jout it ferhaal hast wat skrinends, en tagelyk wat eroatysk. It is geweldig hoe’t de skriuwer yn *Nûmers* mei hiele lytse taalmeneuvels de werklikheid binnenstebûten keart: net de minske foarop, mei syn moraal, syn psychology en syn ferklearringen, mar de ûnferskillige tiid en de romte dêr’t de minske in hoartsje yn tahâldt, en... ferskil makket, al is it mar foar even.

‘It giet sa as it giet’ – dat is in teneur dy’t foar master opslacht yn it proaza fan mear Fryske skriuwers fan Jaap Krol syn generaasje: men sjocht it by Hein Jaap Hilarides, dy’t ik al oanhelle, by Nyk de Vries, Meindert Talma en foaral Hidde Boersma dy’t noch wer wat jonger is. Mar it pakt wol hieltyd wer oars út. Sa fûn ik Hilarides syn roman *Joppe* hiel moai, mar in ferhaal dat er yn juny 2010 publisearre yn *Ensafh* freeslik ferfelend. Dat giet oer in ploechje jonges en famkes dat út de ferskillende Biltske doarpen wei nei de Anton Wachterskoalle yn Harns fytst. Sûnder mis hiel herkenber en realistysk, mar ik koe gjin inkelde gelaagdheid yn de beskriuwing ûntdekke. De ploech skoalbern, de rûte, it fytsen, allegear hiel ôfstanlik beskreaun. En it bleau allegear like flak. It krige foar my gjin betsjutting. Wylst krekt dy ôfstanlike manier fan skriuwen yn *Joppe* foar my krekt de goeie spanning hie. Nyk de Vries syn *Rezineknyn* út 2000 is ek sa’n ôfstanlike, beskriuwende roman. It giet oer in jonge yn syn eineksamentiid. Hy wennet yn Noardburgum. De jonge is

gjin bern mear mar ek noch net in man. Hy sit net mear echt op skoalle mar is der ek noch net ôf. Hy is net los fan syn Frysk tsjerklik fermidden, mar hy heart der ek net mear by. Dat ‘tuskenbeide’ behearsket de roman. Neat liket ta in útdragene saak te kommen, alles stiet yn bestân. Neat hat betsjutting. It is sa’t it is, en dêr docht de jonge Marten sekuer ferslach fan. Ynholden, yn de ik-persoan. Marten syn pine fan it tuskenbeide is fielber yn de ôfhâldende sinnen, it docht suver in bytsje sear. Ik fyn it in moai boek, wylst ik hielendal gjin leafhawwer bin fan saneamde ‘coming-of-age’-romans. It moat dus hast wol Nyk de Vries syn styl fan skriuwen wêze dy’t my oansprekt. Mar syn twadde roman, *Prospero* út 2006, foldie my hielendal net. Dêr miste ik de synergy fan styl en tematyk. It wat ôfhâldende, ôfwachtsjende, ûnbesliste, dat paste dêr folle minder, nei myn idee.

Meindert Talma syn romans *Dammen met Ome Hajo* en *Kriebelvisje*, de earste út 1999 en de twadde út 2003, wurde net troch elkenien ta de Fryske literatuer rekkene. Se binne ommers yn it Hollânsk skreaun. Tsja, ik bin sa strikt net. En it is faaks wol aardich om derop te wizen dat men yn syn boeken datselde ‘laissez faire, laissez passer’ tsjinkomt, mar dan wer oars. Yn Talma syn romans oerhearsket de humor, de irony. Dat sil net elkenien oansprekke, mar ik mei der wol oer. It is mear as allinnich mar gekoanstekkerij. Hy besiket om mei syn healwiis praat wat te sizzen. Krekt as oaren fan syn generaasje. Se sitte allegear mei itselde: se ha gjin oar fûnemint foar it libben as ‘it giet sa as it giet’. Mar dêrmei meitsje se har net fan alle morele en eksistinsjele fragen ôf. Krektoarsom, sokke fragen stelle se no krekt al. Se ha gjin antwurden, mar de fragen binne namste driuwender. Ek Hidde Boersma syn ferhalen ha in heech ‘it giet sa as it giet’-gehalte. Mar se komme nei myn idee net altyd oan de fragen ta. Oars as syn poëzy binne de ferhalen fan Hidde Boersma foar my net spannend genôch. Nee omkoal, sille jo sizze, it giet der no krekt om dat der neat gebeurt. Ja, dat hie ik ek noch wol begrepen. Mar it feit dat der neat gebeurt hat by Boersma te min spanning, fyn ik, it siicht net tusken it ûnferskillige ‘it giet sa as it giet’ en it minsklik ferlet om dat te ûntstijgen. De ferhalen lykje in útdrukking fan in ûnfoarwaardlik ja-sizzen tsjin dy ûnferskillichheid – as libbenshâlding – en dat is op himsels wol bysûnder, mar ik bin der gau op útsjoen. No bêst, tink ik dan, it makket yndie net út. Men kin it leze, mar men kin it likegoed ek net dwaan.

Mar it wurdt de heechste tiid om it ris even te hawwen oer in hiel oar soarte fan proaza. Fan in hiel oare generaasje skriuwers. Ik bedoel de boeken fan mannen as Durk van der Ploeg, en fan Hylke Speerstra en Arjen Terpstra. Hiel populêr binne dy by in soad lêzers. Der falt dan ek in soad fan te learen, sokke boeken. Durk van der Ploeg hat yn 2007 in roman skreaun oer it libben fan Arjen Roelofs, boer en stjerrekundige oan de ein fan de achttjinde ieu: *It himelsk oerwurk*. Dy Arjen Roelofs is in geleard man. Mar syn suster dy’t de húshâlding docht, is geregeld wizer as har gelearde broer. As Arjen werris weiwurdt yn syn himelske observaasjes, dan seit Atsje: ‘Silst wol gelyk ha. Mar tink der leaver om datst dyn drinken net kâld wurde litst.’ Wize wurden, liket my. En se is net allinnich wiis, dy suster fan Arjen Roelofs, mar ek *koartkerich*. Sa neamt Durk van der Ploeg har. Koartkerich, der binne grif net

in soad minsken dy't dat wurd kenne. 'Koartkerich as in bolle', of 'as in âld hin mei in glêzen gat', seit it wurdboek. As de ferneamde professor Ekema út Frjentsjer ris by Arjen sit te wiispraten, en de hearen oere en iterstiid ferjitte, dan freget syn suster op in stuit *koartkerich* oft de manlju faaks fan it papier libje kinne. Ja, Atsje hat noch de moaiste rol yn de roman. Wyls it om Arjen Roelofs draait fansels.

It himelsk oerwurk út 2007, *De oerpolder* fan Hylke Speerstra fan 2006 en *De hearen fan Fryslân* fan Arjen Terpstra út 2008 binne hiel ferskillende boeken fansels, mar men soe se wol beflappe kinne ûnder ien en deselde oantsjutting. It binne allegear kroniken. *It himelsk oerwurk* is wat mear in klassike histoaryske roman, *De oerpolder* in persoanlik reisferslach mei romanelementen, en *De hearen fan Fryslân* in famyljeskiednis, mar allegear ha se as basis 'real life' yn in fier of bytsje minder fier ferline. Dat ferklearret neffens my foar in part har grut lêzerspublyk. Ik ha sa it idee dat in soad minsken graach boeken lêze dy't geane oer dingen dy't 'echt gebeurde' binne, en leafst tichteby, of op syn minst werkenber. En gelokkich mar dat Fryslân skriuwers hat dy't yn dat ferlet foarsjogge. In aardige bykomstichheid is boppedat dat kroniken troch de setting yn it ferline, en gauris op it Fryske plattelân, in útkomst binne foar de Fryske taal: der kin ommers in oar Frysk yn brûkt wurde, in fokabulêr dat past by de wrâld fan doe. Oars as Jaap Krol en Aggie van der Meer sette Durk van der Ploeg en Hylke Speerstra dy taal net yn om ús neitinke te litten oer dy wrâld fan doe, en ús ferhâlding dêrta. Dêr binne it kronikeurs foar. In kronikeur brûkt – om mar sa te sizzen – de taal op in aldendeiske manier, ek al bart dat yn *It himelsk oerwurk* hiel oars as yn *De oerpolder*. Yn *It himelsk oerwurk* wurdt soarchfâldich en wiidweidich it libben fan de achttjinde-ieske stjerrekiker Arjen Roelofs ferteld, mar nearne wurdt ferrassend wat fuortlitten of ombûgd: alles wurdt yn deeglike taal beskreaun en oarderlik ôfwurke. Yn *De oerpolder* giet it der folle rûger om en ta: de ferteller krûpt dan dy en dan dy wer even yn 'e bûse, jout it praat graach dûbelde boaiems mei, knypt der gauris even tuskenút om mei de postboade mei op te rinnen, en skoot ynienen wer earne oars oan. Sa lit de ferteller dy wrâld fan fiskers en boeren min ofte mear foar himsels sprekke. Hy leit amper wat út en kin ús mei in pear wurden in foarstelling fan dy ûnbekende wrâld jaan. No ja, in foarstelling, in show hast. It is tige ûnderhâldend allegear. It liet my tinke oan ien dy't himsels op in jierdei graach praten heart en mei syn anekdoates en grappen de sfear deryn hâldt. Ien dy't omraak fertelle kin en gefoel foar humor hat, mar dy't ik om earlik te wêzen nei tweintich minuten meastentiids ek wol wer slite wol.

By Arjen Terpstra – dat moat ik mar planút bekenne – bin ik net fierder kaam as de earste tsien siden. De nostalgia yn de Prolooch wie my al aardich yn de wei, mar ik hie goede hope dat dy sentimintelens oer it ferline en it Fryske plattelân yn it ferfolch relativearre wurde soe. Dus ik lies troch. Mar de sloarderichheid fan de taal kearde my op. Twa kear it wurdje 'mar' yn oardel sin. Hatsjikidee. Wa soe dat wat skele kinne? No, my, om earlik te wêzen. Of dizze sinnen:

‘As hy oan it wurk wie, fleach it gers yn de rûnte en sûze de seine deroer. Tsjalling hearde it syn libben lang. Krekt as de bergen stof dy’t yn it simmerljocht hingjen bleauwen.’

Dat is klearebare ûnsin: hoe soe men bergen stof yn it sinneljocht ‘hearre’ kinne? Dat yn histoaryske romans ornaris de taal net sa brûkt wurdt dat dy jin op in ferrassende manier nei de werklikheid sjen lit, hawar. Mar men mei fan in kronykskriuwer dy’t in skiednis fertelt dochs op syn minst ferwachtsje dat er basaal omtinken jout oan de taal.

Fan de boeken fan Durk van der Ploeg, Hylke Speerstra en Arjen Terpstra haw ik dus net in soad wille hân. Yntellektueel, emosjoneel en stilistysk foldiene se my net. No moat men der fansels om tinke dat men kronikeurs net oan literêre skriuwers ôfmjit. By in kronyk komt it yn it foarste plak oan op ‘goed fertelle kinne’. ‘Goed fertelle kinne’ is in talint dat yn it literêre sirkwy wolris wat te min achte wurdt, faaks omdat goede fertellers no krekt *al* oan literêre skriuwers ôfmetten wurde. Elk wit grif noch wol fan dy diskusjes om Rink van der Velde hinne; sa’n diskusje is der ek om Hylke Speerstra hinne. Mar fertellers ha har eigen wearde. Durk van der Ploeg en Speerstra wurde faak priizge om har fertellerstalint. By Durk van der Ploeg begryp ik dat net goed: hy beskriuwt mear as dat er fertelt. By Speerstra begryp ik dat wol, mar it hat bliken dien dat ik syn manier fan fertellen gau sêd bin. Hy is licht fan toan, fertelt mei in soad faasje, brûkt wenstige byldtaal – hy hat in styl dy’t it by in protte minsken goed docht. It lêst flot. Foar bygelyks in kronyk as *De ridder fan Snits* fan Willem Tjerkstra moat men folle mear muoite dwaan. Dat boek, in trilogy skreaun tusken 1999 en 2001, spilet yn in folle fierder ferline en yn in wrâld dy’t foar ús noch folle frjemder is, de wrâld fan Fryske haadlingen. Dat allinnich al makket it dreger om deryn te kommen. En dan sitte der ek nochris folle mear lagen yn it ferhaal. Want it is wol in kronyk oer in figuer út in fier ferline, mar it is likegoed in moderne roman. Der wurdt treflik yn ferteld – net hip en flitsend, mar mei in soad omtinken foar taal en ritme. En der wurdt yn *De ridder fan Snits* ek reflektearre op it fertellen. Guon haadstikken út de trilogy begjinne bygelyks mei in sitaat út in âlde Fryske kronyk dêr’t de ridder fan Snits yn foarkomt. It giet om ien fan de kroniken fan Worp van Thabor, dy’t begjin 16^{de} ieu skreaun is, foar in part yn it Latyn en foar in part yn it Hollânsk, en dy’t begjin 19^e ieu oerset is yn it Hollânsk. Thabor wie in kleaster by Snits en ús ridder wie in roomske ridder. Yn de sitaten út de âlde kronyk is de ridder folle mear in held as yn Tjerkstra syn fersy fan it ferhaal. Dat jout it gehiel wat ekstra’s, dat makket de fertelling ta in literêre roman.

Goed fertelle kinne is ek fan it grutste belang as it om detektives giet. Alwer sa’n sjenre dat minsken lûkt dy’t minder gau in literêre roman lêze. Mar literêre lêzers lêze likegoed detectives – as ôfwikseling, of om te genietsjen fan it ambachtlike dat sa’n boek ha kin: ien dy’t in detektive skriuwt moat ommers goed witte wat er priisjout en wat er achterhâldt. Theun de Vries lies op it lêst fan syn libben oars hast

net as detektives, hat er my ris sein. Underskied meitsje tusken de ferskillende sjenres is nammers net mear fan dizze tiid. Der binne no literêre thrillers en der binne in soad romans dy't amper literêr binne. *De wraakingel* fan Leo Popma út 2004, is dat in detektive? In psychologyske thriller, stiet der yn de flaptekst. No bêst. Likegoed is der in misdie begien en de fraach is wa't dat dien hat. Ik hie it boek jierren lyn alris lêzen en fûn it doe hiel nijsgjirrich. Koartlyn ha ik it nochris lêzen. Ik fûn it opnij in moai boek. It is in boek fol riedsels, en de skriuwer kin dat spannend meitsje omdat er goed fertelt. It boek begjint mei in wat eksintryk plan fan in frou dy't it slachtoffer west hat fan in misdie. As lêzer wit men ynearsten net watfoar plan, men lêst allinnich oer de reaksjes fan minsken dy't de frou deryn behelje wol. Men wit ek net om hokker misdie it giet. Dan docht bliken: de minsken dy't de frou yn har plan behellet binne minsken dy't har doedestiids holpen ha nei't de misdie begien wie: plysje, glêsetters, boufakkers, flierlizzers. Just. By it fierder lêzen begrypt men: it is in jier nei de misdie en de dieder is noait fûn. Ah. De ûnderste ferdjipping fan it hûs fan de frou hat finaal fernield west, glêzen, muorren, flier, alles stikken. Se wie sels thús, boppe. Der soe neat stellen wêze. Hmm. En wat wol se no mei dy plysje, glêsetters, boufakkers en flierlizzers? Se noeget har út om in wykein by har te útfanhûzjen. Wol se de misdie dochs noch oplosse, of is der wat oars? Dat se allegear komme, dy lju dy't doedestiids mei de frou te dwaan hiene yn de neisleep fan it drama, is net logysk, mar it wol jin as lêzer dochs wol oan. Men wol gewoan dat se komme, men wol witte hoe't elk foar dat drama oer stie, wa't se binne, wat se foar dy frou betsjutte, ensafuorthinne. Der sit in soarte fan spanning en spontaniteit yn it boek dy't jin as lêzer fierder lêze lit. Dat bedoel ik mei dat ambachtlike: in 'whodunit' is der net op út om jin as lêzer oer de wrâld neitinke te litten sa as guon literêre romans, of wat oer it ferline te fertellen lykas in kronyk – it binne de wurden, de sinnen, de alinea's dy't jin ynpakke en lêze litte. Popma brûkt faak in yndirekte direkte rede, en hat geweldige, libbene dialogen, mei út en troch Stedfrysk, dat it noch libbener makket. Dat is al genôch om wier fan dit boek genietsje te kinnen. Mar wat my grif jierren lyn, en ek no wer, mei oanspreek, is de psychologyske rykdom. Yn it boek spylje allerhande soarten ferhâldingen in rol: tusken manlju en froulju, tusken froulju ûnderinoar, tusken manlju ûnderinoar, tusken ryp en grien, en tusken riper en ryp, tusken rûch en rimpjen, subtyl en strategysk, artystyk en yntellektueel, en rjocht en sljocht. Alles reagearret op inoar mar de psychology dy't derachter stekt is noait in simplistysk spultsje fan oarsaak en gefolch. Ien sin yn it boek jout neffens my aardich wer wat wy te lêzen krije:

'it wie in wûnder spul fan eagen en stimmen en bewegingen, fan ferwachtings, oanhinklikheid en berekening.'

It is grif net tafallich dat erotyk en macht in beskate rol spylje yn it boek. Op ien punt is der wol wat op it boek ôf te tingjen, en dat is de taal. Ik fyn it spitich: 'twa wike' en net 'fjirtjin dagen', of 'befoel' en net 'foldie'. It hoecht om my net altyd yngreven geef Frysk te wêzen, mar soks is gewoan skande. Ik nim it de útjouwer hast noch

mear kwea ôf as de skriuwer: der steane nammentlik ek nochal wat printflaters yn. Krekt net safolle dat it myn plezier yn it boek bedoar, mar dochs. As ik dan sjoch hoe geef oft in detektive fan Andrys Rozendal by de KFFB útjûn wurdt. *Moard oan de Monsmawei* út 2004 soe men suver al lêze om it linige Frysk, en de treflike einredaksje. It is fierder ek in aardich boek, oars. Sa skreaun dat ik yn alle gefallen wol witte woe hoe't it siet mei dy moard. Mar de psychologyske rykdom fan *De wraakingel* fan Leo Popma hie it net. En it miste ek de rike kontekst fan *It guozzeroer*, de detektive-achtige lêsteling fan Rink van der Velde út 2001. Of de folslein unike humor fan *In kâld keunstje* fan R.R. van der Leest, ek út 2001. Foar minsken dy't graach detektives lêze is der yn it Frysk ferskaat by de rûs.

Psychology – dat is dêr't it om draait yn in bulte moderne romans dêr't wy it noch net oer hân ha. Margryt Poortstra *Minskebern* en Greet Andringa *Libben reach*, beide út 2008, Elske Schotanus *Skrik* en Willem Schoorstra *De ôfrekken*, út 2007, Wilco Berga *It smoarge bestean* en Harmen Wind *Om it libben*, ek wer beide út 2008 – allegear boeken dêr't de psyche fan ien of mear personaazjes sintraal yn stiet. En meastentiids is der wat mis mei dy psyche: demint of gek, sa as yn *Minskebern* en *Skrik*, mar fakernôch gewoan net hielendal gelokkich. In problematyske relaasje mei echtgenoat of famylje, in minne heit-soan-ferhâlding, in ûngelokkige jeugd, te grutte idealen... Hiel realistysk. Aldendeisk hast. En my bliuwe in soad moderne romans krekt te faak yn dat aldendeiske realisme stykjen, en yn aldendeiske hearskjende ideeën, yn klisjees dus, ek klisjees op psychologysk mêd. Se bringe troch it perspektyf, de struktuer en de styl gjin reliëf oan. Se daagje net út. Dat wie wat my oanbelanget mis mei *Oxzana*, en dat is wat my oanbelanget ek mis mei it boekewikegeskink fan ferline jier, *Los sân* fan Greet Andringa. *Los sân* is yn myn eagen ek in bouquetreeksroman, type doktersroman, mei wat tiidleaze memmeleafdetematyk, wat jierrentachtichfeminisme, en in aktueel de-islam-is-in-probleem-motyf. De haadpersoan is ien dy't út frije wil en oant de râne ta fol ûnnoazelheid ôfreizget nei in frjemd en earm lân. Om dêr as in bedoarn bern foaral mei harsels dwaande te wêzen. Sok dwaan kin men omraak om jin hinne sjen. De iennichste reden om dêr dan yn in boek ek noch oer te lêzen, soe foar my wêze dat sa'n boek troch it perspektyf, de struktuer of de styl in oar ljocht op sok hâlden en dragen smite soe. Mar dat is mei *Los sân* net it gefal.

In soad fan de niisneamde romans binne foar guon lêzers faaks oantreklik krekt *omdat* se geane oer dingen dy't se werkenne. Minsken dy't sels in deminte mem ha, of in psychoatyske sus. Minsken dy't sels homofyl binne of har ôffreegje hoe't dat wêze soe, en minsken dy't fertize sitte yn houliks- en famyljebannen. 'Werkenberheid' is foar in soad minsken wichtich. It is foar my net drekt in pluspunt. Romans dy't wat beskriuwe dat men út eigen ûnderfining kent of omraak om jin hinne sjocht, dy ferfele my al gau. Mar der binne útsûnderingen.

Minskebern fan Margryt Poortstra giet oer in frou waans mem op it punt stiet om opnommen te wurden yn in ferpleechhûs foar deminten. It smyt foar my gjin nij ljocht op in drama dat ik sels fan tichteby ken. De roman is boppedat nochal sentimenteel en dat fernear ik ornaris net bêst. En dochs rôp it boek by my gjin argewaasje op mar respekt. Dy sentimentaliteit wie net in maklik berop op de lêzer, mar de wjerslach fan in oprjocht besykjen fan de haadpersoan om it weisakjen en stjerren fan har mem, en tagelyk it berne wurden en opgroeien fan in earste bernsbarn te ûndergean. Sa ha ik it teminsten lêzen. It liket as is der in alwittende ferteller yn it ferhaal, mar neffens my is de froulike haadpersoan oan it wurd: sy fertelt harsels it ferhaal oer har mem en eigenet har dêrby ek de ûnderfiningen fan har mem en har bepesizzer ta. Dat fertellen is har manier om de betizing te bergjen fan it fertriet om har mem oan de iene kant en de bliidskip om de poppe oan de oare kant. Sa'n perspektyf jout reliëf, en it hâldt tagelyk dy sentimentaliteit op syn plak, it ferhaal krijt ommers gjin algemiene betsjutting, it is de wjerslach fan it persoanlik belibjen fan de haadpersoan, se fertelt oan harsels, omwille fan harsels, se is net út op effekt. En krekt dy letterlik skamteleaze persoanlike sentimentaliteit miste syn útwurking op my net: ik lies it yn de trein ûnderweis nei Ljouwert en ik ha yn Utrecht mar even in pakje bûsdoeken kocht. As oaren sizze soene dat it boek dochs neat nijs te sizzen hat oer de pine en fertriet dy't anneks binne mei deminsje, en dat it hartstikkene sentimenteel is, dan kin ik har dat net ûntstride. En dochs is it neffens my in unyk en bysûnder boek.

Sa'n roman as dy fan Poortstra makket mar wer dúdlik dat men altyd wer foar ferrassingen te stean komme kin. Dat men noait hielendal foar it ferstân krijt hoe't it no sit tusken jinsels en in roman. Lêze is altyd wer nij, mei omdat men sels feroaret.

It sil dúdlik wêze dat ik út sa'n benadering wei net mei algemiene konklúzjes oankomme sil. Algemiene observaasjes oer de ûntjouwingen fan it modern Frysk proaza fan de lêste tsien jier, of de oerienkomsten of ferskillen tusken it Frysk en Hollânsk proaza, of fergelikingen tusken it proaza út de Rânestêd en dat út de provinsje... Se binne faaks net ûnbelangryk, en faaks ek wol ynteressant, mar sokke algemienheden soene it omtinken dat ik foar it lêzen freegje wol maklik oerskreauwe kinne. En it is my mienen mei dat lêzen. It giet my om de romans en it lêzen derfan, net om skriuwers en har oeuvre, net om streamingen en ûntjouwingen. Ik soe wolle dat wy yn elke roman in útnoeging sjogge om te lêzen. En om oer romans en it lêzen derfan nei te tinken, en nei te tinken oer wat literatuer feitlik betsjut, foar ús as yndividu, foar ús as mienskip, foar ús as maatskippij.